



Doarpskrante **Linepraat**

Eagum, Friens, Idaerd en Reduzum

- Gerrit en Caroline stellen zich voor
- Myn Staazje
- Terp teäter



Oktober 2023

Kolofon

De Linepraat is de doarpskrante fan Eagum, Idaerd, Friens en Reduzum, ferskynt 11 kear yn 't jier op 'e leste tongersdei fan de moanne, útsein yn july. Oplage: 590 eksimplaren

Kopy kin oanlevere wurde fia linepraat@gmail.com yn Word lettertype Verdana 9. Tekst NET oanlevere yn pdf.

Redaksje: Henk Korf, Sietie Boersma, Geesje Oosterloo, Titia Tilma, Jantsje Kalsbeek, Janet Wijnstra en Dirk Vermeulen.

Korreksje: Koos Wieling
Printwurk: Theo v.d. Woud en Renus von Bannisseth
Oare Meiwurkers: Tsjikke Boonstra, Alie Fennema, Loekie Renia, Zus Tiesema, Thyske Oosterhof, Boukje Zijlstra, Annet de Vries, Minke v.d. Haak, Klaasje Sikkema en Geeske Smorenborg.

Leden: Alle ferienings út de doarpen kinne lid wurde. Hja betelje in fêste bydrage en kinne dan fergees eltse moanne harren teksten oanlevere.

Advertinsjes: Advertinsje kosten krije jo op oanfraach. In advertinsje perioade rint meastentiids fan augustus o/m juny. Tuskentiids pleatse of feroarje is wol mooglik. **In frijwillige bydrage is altyd wolkom op bankrekken nr. NL12 RABO 0356252612** Ynwenners fan de fjouwer doarpen krije de Linepraat fergees, omdat eltse ynwenner lid is fan in feriening. De 'post-adressen' betelje € 30 yn 't jier.

Hawwe jo net in Linepraat krigen, nim dan kontakt op mei Geeske Smorenborg til.602164

By kopy dy't te let binnen komt jouwe wy net de garânsje dat it pleatst wurdt. De redaksje mei kopy wegerje en ynkoartsje en is net oanspraaklik foar de ynhâld. Oankundigingen en oare kopij wurdt mar ien kear pleatst, útsein de ferslaggen fan jiergearkomsten.

Yn dizze Linepraat

Foarwurd / Gedicht	3
Aginda /Ald papier	4
Myn Staaasje	5
Kerstfair	6
Doarpsbelang en Akademy Lêzingen	7
Even vorstellen	9
Kort nieuws	11
It Reiske	13-14
Myn Friens	15
Versmarkt	17
De dierenarts vertelt	19
De Bistedokter	21
It stikje fan Koos	23
Kerk	25-27
Merke yn Friens	29
Zonnepanelen	31
Open Energie dag	33
Skoalle	35-37
Voetbal	39
Keatsen	41
Kuorbal	43
Gymnastiek	45-47
Wisten jo, dat... / Argyf	48

Word 'vriend van Linepraat'!

U ontvangt sinds jaar en dag deze dorpskrant elke maand **gratis** in de bus. Door oplopende kosten wordt dat steeds lastiger. U kunt ons helpen door nevenstaande QR-code te scannen en daarmee een **vrijwillige bijdrage van €5,-** over te maken. Bij voorbaat hartelijk dank!



Foto foarblêd: Ringstekken op 'e Haedstrjitte
(Foto: Dirk Vermeulen)

DE TOCHT.

*Op 'e iisbaan klepperje de eibers no de hjerst.
De Ijppen op it lân keppelje alfêst,
wylst de guozzen lâns de wolken harren letters
skriuwe;
"Gean we fuort of sil we bliuwe?"*

*It spinfolk ferpakt de lêste gouden dagen yn
sulvertried.
Lâns blêd en blomt dript it fertried....
Fan fuort
Fan leech
Fan dea....*

Mar troch it gea giet dochs IN NIJE TOAN

*Waarm wurdt kâld,
wetter iis,
rein in wintersinne
It wurd rûst op 'e wyn.
De reis...*

De tocht lâns alve steden. IT GIET OAN!

*No sil it heve
Dizze winter noch.
Fryslân op syn bêst.
Fryslân winterfêst.
Ride!!
Mei tûzenen.
Sjonge, spylje.
Lije. Bodzje*

DE TOCHT HY KOMT.

Of net?

P. sept. '23

Demintens

We ferjitte allegear wol ris wat.
We binne ek grif allegear wol ris in kaai kwyd.
Neat mis mei.
Mar as soks struktureel wurdt, moat der oan begjinnende demintsy tocht wurde.
It is lykwols tige dreech om it fêst te stellen, it kin wol in pear jier lang 'sudderje'.
Mar as de folchoarder fan 'gewoane húshâldlike dingen' dreger wurdt, der konsintraasje problemen optrede, jo húsgenoat gjin nocht mear hat oan it hobby wurk, meardere kearen itselde fertelt of deselde fraach stelt, net goed út de wurden komt of it wurd foar in deistich foarwerp net fine kin, gjin idee fan tiid of plak hat en it paad gauris bjuster is yn de supermerk.....it kin allegear foartekens wêze, mar it ferskilt per persoan.
Hjir yn Reduzum op de deibesteging fan Cafemed wurdt in protte puzele, der wurde spultsjes dien, kuierkes makke en yntusken praat oer deistige dingen, fansels wurdt der sa folle mooglik mei help fan de oanwêzigen iten sean en ek foarlêzen wurdt tige wurdearre. Muzyk meitsje en sjonge.....sometiden twa kear itselde ferske. Begelieding: mar dat hawwe we dochs yn it begjin ek al songen? Dielnimmers: hindert neat, dat binne we al lang wer fergetten..... Alle dagen komme de dielnimmers nei Reduzum. Profesjonele help en frijwilligerswurk komme dêr bij inoar om jong-demintearjende minsken it gefoel werom te jaan sinfol dwaande te wêzen yn dizze wrâld, men sjocht nei wat de dielnimmer noch wól kin en wol.
It moat net sa wêze dat de dielnimmer allinne mar op bêd leit of yn de stoel sit te slûgjen.
Se wurde stimulearre diel te nimmen oan de maatskippij.
As de bern fan skoalle thús komme wurdt hast altyd frege : 'en...wie it leuk en wat hast hjoed dien ?'
Ek dizze Alzheimer-pasjenten komme thús en krije dy fraach.
Wat is it dan moai dat se dêr in entûsjast antwurd op jaan kinne !
Henk.

Aginda



29	sep	Bijpraattafel	Café De Welp 16:30-19:00
1	okt	Tennis	Niet-leden toernooi 13:30 TV Stanfries
4	okt	Gymnastiek	Bewegen voor ouderen 9:30-10:30
6	okt	Versmarkt	Versmarkt bij Iel en Mear 14:00-17:00
8	okt	Kerk	Reduzum 09:30 Irene de Vries
9	okt	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
12	okt	DB Reduzum	Werkgroepen bijeenkomst Duurzaamheid
17	okt	Mûne	Energieavond met Energie van Ons De Welp 19:30
22	okt	Kerk	Reduzum 09:30 Ds. J. van Doorn
5	nov	Kerk	Idaerd 11:00 Ds. S. Grijpstra
12	nov	Kerk	Reduzum 09:30 Pastor C. Bos
13	nov	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
22	nov	Verkiezingen	Verkiezingen Tweede kamer
25	nov	Act. kommisje	Intocht Sinterklaas
25	nov	Act. kommisje	Murphy's Kwis
26	nov	Kerk	Reduzum 09:30 Pastor C. Bos
9	dec	Kerst	Kerstfair Trije Romers
10	dec	Kerk	Reduzum 09:30 Mevr. E. Groeneveld (2 ^e Advent)
11	dec	DB Reduzum	Fergadering DB Reduzum It Lokaal 19:30 (Frije ynrin foarôf)
24	dec	Kerk	Reduzum 22:00 (Kerstavond)
31	dec	Kerk	Reduzum 19:30 (Oudjaarsavond)

Kopij Linepraat

Linepraat:	Uiterste inleverdatum kopij:	Verschijningsdatum:
November	18 okt tot 12:00 uur	26 oktober (+ bewaarkrant)
December	22 nov tot 12:00 uur	30 november

Ald papier

	Idaerd	Friens	Reduzum		
2023					Reserve
11 okt	Klaas de V.	R. v.d. Meulen	P. Roorda	K. Hof	E. Wapstra
08 nov	Joop	T. Tigchelaar	A. Mulder	S. van Balen	S. de Schiffart
06 dec	Tabé	A. Tjalma	M. vd Meulen	I. Vriesema	G. de Vor

Koffie drinken in het lokaal

Elke tweede dinsdag van de maand



Lijkt het u ook gezellig om eens per maand met anderen te koffiedrinken?

Dit kan op dinsdag 10 oktober om 10 uur in het lokaal achter de kerk.

Voor meer info telnr.: Jelly v.d. Zijl: 0566 602399

Wolwêzengroep

Myn staaasje

Wannear't je witte dat je hast in healjier yn it bûtenlân wêze moatte foar de staaasje, hearre je oeral om je hinne de wurden 'dat is in ûnderfining dy't nea wer ferjitte silst.' No dat leaude ik net sa hear, mar no't ik dêrop werom sjoch, is it miskien dochs wol wier...

Foar de oplieding agraryske bedriuwskunde ha ik, Nynke Boersma út Friens, fjouwer moanne yn it bûtenlân west, om presys te wêzen yn Philippeville, Wallonië, België. It bedriuw dêr't ik west ha bestiet út sa'n 320 kij, 250 stik jongfee en hast 3.000 geiten mei 1.300 lytse geitsjes, dat is fansels in tige grut bedriuw en dêr wie myn staaasje dan ek op rjochte. It doel fan dizze staaasje wie lieding jaan oan it personiel dat dêr oan it wurk is, mar dat is al dreech as it samar yn it Frânsk moat.

Doe't ik heal febrewaris op myn staaasjeplakje kaam sieten sy al drok yn de lammetiid. Om efkes in goed byld te jaan: dat wykein binne der sa'n 120 geitsjes per dei berne. Jo kinne wol begripe dat sy dan ek alle help wol brûke koenen, foar my wie dat hielendal nij en dêr ha ik in soad oer leard. Neffens it protokol moasten de geitsjes binnen in oere de earste bjist fia de sonde hân ha, dat betsjutte dus dat wy de hiele dei tusken de geiten omrûnen om alle geitsjes sa gau as mooglik út harren hok te heljen om se ûnder de waarmtelampe del te setten. Nettsjinsteande ha ik doe wol fuort in hiele protte leard, dat begûn al mei geiten kontrolearje om't guon geiten wat help nedich ha mei it ôflamjen. Ik mocht de geit opfiele en somtiden helle ik it laam der dan ek ôf.

Yn it wykein wienen wy allinnich moarns en middeis oan it wurk en de tiid dêrtusken yn hienen wy frij, faaks ha ik der op út west mei de bern fan de húshâlding. Sy hawwe my in hiel soad sjen litten, sa as in stiengroeve en marmergroeve, mar ek ha se dêr in soad lêst fan wylde bargaen. Sa hawwe wy ek by in stik lân (fan in oar) west dat hielendal omploegje wie troch de wylde bargaen. De boer makke no net iens mear gebrûk fan dit lân om't hy de bisten der net wei hâlde koe.

Yn myn ien nei lêste wykein ha we ek noch in grut feest op de pleats hân, de agraryske jongeren fan Philippeville organisearje altyd ein maaie in soarte fan feekeuring fan Belgyske blauwe kij mei oanslutend in moai feest. Dit jier barde dat allinnich wat oars, it mocht by myn staaasjebedriuw plakhawwe mei Holstein kij. Dit betsjutte foar ús ek dat wy tsien kij skjinmeitsje moasten en se klearmeitsje moasten foar de keuring.

Dat wie allinnich net it iennige, want de stâl moast no ek goed skjinmakke wurde. Wy binne in goeie wike dwaande west mei it klearmeitsjen fan de stâl, mar it seach der supermoai út en wy ha dêr sels allegear kompliminten foar krigen. De kij binne it net wend om mei in bine om te stean, lit stean dat se dêroan fêststean, mar dat gong echt hiel goed. Wy hienen de kij twa kear earder de bine om dien mar se bleaunen hiel rêstich stean. Foar de keuring wienen der tsien kij opsteld, fiif jonge kij, dy't yn de earste, twadde of tredde laktaasje sieten en fiif kij dy't yn de fjirde, fiifde of sechsde laktaasje sieten. Dizze kij binne útsocht troch in karmaster. Op de grutte dei moast de karmaster as earste de kij beoardielje en sa socht hy de bêste ko út, dêrnei mocht elke besiker ek de bêste ko beoardielje en dat ynleverje en dêr kaam dan de bêste beoardieler út!

Ik kin werom sjen op in hiele moaie staaasje en sa't ik earder al sei, de ferhalen wienen wol wier. It is wier in ûnderfining dy't ik nea wer ferjitte sil!

Nynke Boersma



Kerstfair

Beste dorpsgenoten,
Na het grote succes van vorig jaar organiseren we
9 december aanstaande weer een kerstfair.

Vind jij het leuk om ook een kraampje te vullen en je spullen
te verkopen?

Kom er dan gezellig bij.

Info en aanmelden kan tot uiterlijk 24 november via

infoopstal@gmail.com

Hartelijke groet,
de organisatie van de kerstfair.
Carolien, Grietje en Taco.



Standhouders
gezocht!

Wanneer?
9
december

Waar?
De Trije Romers
Reduzum



**Doarpsbelang
Reduzum**

Secretariaat: Anke van Gorkum, Buorren 8, 9008 SW
Reduzum
doarpsbelang@reduzum.com

QlubbRED

Foar de jeugd út groep 6, 7, 8 en de klassen 1, 2 en 3 fan de middelbere skoalle is der QlubbRED. Dizze wurkgroep bestiet út jongeren dy 't gesellige feestjes en útstapkes organisearje foar de Reduzum jeugd. Bygelyks nei it Amelân en it swimbad yn Ljouwert. De Bingo fan de merke wie ek organisearre troch QlubbRED. De wurkgroep kin wol wat fersterking brûke. Dus fynst it moai om yn in jong en gesellich team aktiviteiten te organisearjen foar de jeugd, meld dy dan oan fia qlubbred@gmail.com

Mei-inoar boartsje

It pleatsen fan de nije boarterstastellen oan de Smedingstrjitte is klear! DB hat in koart gedichtsjie fan Baukje Wytsma útsocht dat by de nije tastellen komt. De bern fan Reduzum e.o. wurde ynkoarten útnûge om by de iepening fan de fernijde boarterstún oanwêzich te wêzen.

Meldingen oan gemeente

Sjogge jo in stikkene lantearnepeal, hawwe jo hinder fan loslizzende stoeptegels of sjogge jo loshingjende tûken yn in beam? Foar dit soarte saken kinne jo in melding dwaan by de gemeente fia www.leeuwarden.nl/signalen

Winterskoft mei Akademylêzingen

Yn novimber set de 64^e rige Akademylêzingen wer útein. Lêzingen mei aktuele en maatskiplike ûnderwerpen.

De rige bestiet út 3 lêzing dagen fan 10.00 -15.30 oere, mei sawol moarns as middeis in lêzing en op 2 lokaasjes: de Koperen Tún yn Ljouwert en 't Haske op 'e Jouwer.

Cybercrime

Sander Ebbers, promovendus oan NHL Stenden en it Cyber Science Center, en auteur Anne-Goaitske Breteler nimme de earste dei, **tiisdei 21 novimber** foar harren rekken. Ebbers hat it oer 'Hoe kun je als burger jezelf weerbaarder maken tegen cybercrime'. De lêzing fan Anne-Goaitske Breteler giet oer 'De laatste dagen van de dorpsgek, geastlike sûnens op it plattelân'.

Klimaatdebat

Op **freed 19 jannewaris 2024** komt ûndersykssjoernalist Jurgen Tiekstra oan it wurd: 'Waarom het klimaatdebat voor ons allemaal een lachspiegel is'. De oare lêzing op de dei is 'Politiek gewin gaat door de maag. Betekenis van voedsel en drank aan het Friese stadhouderslijk hof in de 17^e en 18^e eeuw' fan Herman van Vliet.

Keunst

De rige wurdt ôfsletten op **tiisdei 12 maart** mei bydragen fan Michiel Galama en Janneke Spoelstra. Galama is lânskipsskilder/byldzjend keunstner en dosint byldzjende fakken. Hy hat it oer 'Kijken naar kunst'. Janneke Spoelstra is leksikograaf by de Fryske Akademy en auteur. Hja fertelt oer: 'Wat it is om Frysk en frou en dichter te wêzen. Ynterviews mei froulju dy't nei 1987 ien of mear Frysktalige dichtbondels publisearren'.

Opjaan en kosten

De kosten foar it bywenjen fan de hiele rige lêzingen komme op € 30,-

Mear ynformaasje oer opjaan en beteljen is te finen op de website van de Fryske Akademy: **www.fryske-akademy.nl/akademylezingen**



SjdB

GEVEL- EN
DAKBEPLATING
PIR ISOLATIE



- | | |
|---------------------------------------|-------------------------|
| ✓ Geïsoleerde dak en gevel beplating | ✓ Bevestigingsmateriaal |
| ✓ Ongeïsoleerde dak en gevelbeplating | ✓ Zetwerk |
| ✓ Isolatie voor dak, wand & vloer | ✓ Dakgoten |

Suderom 13 heeft nieuwe bewoners.....

Sinds eind augustus zijn wij, Caroline en Gerrit, in Reduzum komen wonen. Klaske is verhuisd naar Akkrum en wij gaan hier na een aantal aanpassingen aan het huis en de tuin definitief onze intrek nemen. We zijn beiden grotendeels gepensioneerd, maar hebben nog een aantal bezigheden in onze vorige woonplaats Amsterdam. Overigens zijn we geen rasechte Amsterdammers, Caroline is geboren in Brabant en Gerrit in Drenthe.

De eerste weken zijn ons bijzonder goed bevallen, ons buurtje is gezellig en gastvrij. Heerlijk om te ervaren! Weliswaar was onze start zeer verdrietig, want we hebben op de eerste dag hier ons dapper hondje moeten laten inslapen. Helaas was Paco te ziek om nog samen met ons Reduzum te ontdekken.....

We proberen in de gemeenschap te landen, gaan zoveel mogelijk met plaatselijke ondernemers in zee en gaan kijken welke verenigingen o.i.d. goed bij ons passen. We kennen al een aantal mensen, maar hopen nog veel meer mensen te ontmoeten. Zo zijn we al lid geworden van Doarpsbelang en van de Coöperatie Doarpsmûne.



Wij houden erg van gezelligheid, lekker eten en drinken en zijn ook geregeld op reis. We hebben beiden een druk leven (gehad) en verwachten veel van de rust en gemoedelijkheid van Friesland en van Reduzum in het bijzonder. We hadden hiervoor een huisje in Terkaple bij Joure, ook aan doorgaand vaarwater. Heerlijk om vanaf nu ook rond Reduzum met ons bootje te varen en de omgeving en mensen hier beter te leren kennen.

Als u tips en/of wetenswaardigheden heeft voor ons om Reduzum nog beter te ontdekken, zouden we dat zeer op prijs stellen. Maar gewoon voor een kopje koffie staat onze deur ook altijd open! Dus zeggen wij, graag tot ziens!

Hartelijke groet,
Caroline en Gerrit.

DE BIJPRAATTAFEL



**op vrijdag 29 september en 27 oktober
van 16.30 tot 19.00 uur in het café**

Jelly en Rinie

Klear foar de takomst!

- Dealer van: Abarth, Citroën, Fiat, Fiat Professional, Jeep, Opel, Peugeot en Suzuki
- Erkend reparateur van: Alfa Romeo & DS
- Eurorepar Car Service
- Duurzame zakelijke mobiliteitsoplossingen

Haaima Hylkema voor iedereen

HAAIMA HYLKEMA BURGUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Mr. W.M. O. v. Veenweg 34, 9251 GA Burgum - T: 0511 46 98 22

HAAIMA HYLKEMA DOKKUM

Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Rondweg-West 160, 9101 BG Dokkum - T: 0519 292 303

DRACHTEN | OPEL

De Knobben 25, 9202 XH Drachten - T: 0512 51 44 55

DRACHTEN | PEUGEOT

Servicepunt Citroën Fiat Jeep Opel Peugeot
De Bolder 83, 9206 AP Drachten - T: 0512 54 56 00

EMMELOORD | CITROËN PEUGEOT

Traktieweg 20, 8304 BA Emmeloord - T: 0527 61 36 35

EMMELOORD | OPEL

Servicepunt Fiat Fiat Professional Jeep Opel
Produktieweg 12, 8304 AV Emmeloord - T: 0527 69 81 31

LEEUWARDEN | CITROËN PEUGEOT

Coronaweg 2, 8938 CA Leeuwarden - T: 058 288 20 18

LEEUWARDEN | FIAT JEEP OPEL

Leo Twijnstrastraat 2, 8923 EL Leeuwarden - T: 058 266 62 55

HEERENVEEN | ABARTH CITROËN FIAT FIAT PROFESSIONAL JEEP

Servicepunt Alfa Romeo Citroën DS Opel Fiat Jeep
Skrynmakker 20, 8447 GH Heerenveen - T: 0513 610 022
Alfa Romeo en DS aftersales

HEERENVEEN | FIAT PROFESSIONAL OPEL

Bedrijfswagens Fiat Professional Citroën Opel Peugeot
Kattebos 162, 8446 DB Heerenveen - T: 0513 62 21 00

HEERENVEEN | PEUGEOT

Beurtschip 35, 8447 CL Heerenveen - T: 0513 62 27 44

FRANEKER | OPEL

Edisonstraat 1, 8801 PN Franeker - T: 0517 39 56 65

FRANEKER | PEUGEOT SUZUKI

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
James Wattstraat 4, 8801 PK Franeker - T: 0517 39 76 00

SNEEK | OPEL

Edisonstraat 1, 8606 JH Sneek - T: 0515 42 20 55

SNEEK | PEUGEOT

Servicepunt Peugeot Citroën Fiat Jeep
Kolenbranderstraat 9, 8601 VC Sneek - T: 0515 54 81 11

WURDUM | BEDRIJFSWAGENCENTRUM

CITROËN FIAT PROFESSIONAL OPEL PEUGEOT
Servicepunt Peugeot Citroën Opel Fiat Jeep
Werpsterdijk 1, 9088 BZ Wurdum - T: 058 255 13 02



Reclame in de bus?

Wil je vanaf 1 oktober nog folders ontvangen dan heb je een ja-sticker nodig. Plak je geen sticker, dan krijg je straks geen reclame drukwerk meer. Je ontvangt nog wel de Linepraat, MiddelPunt en Huis aan Huis. Hierdoor komen reclamefolders, reclame-magazines en thema kranten van ondernemers alleen bij mensen die dat willen ontvangen.

Wat verandert er:

- * Geen sticker alleen nog Linepraat en de huis aan huiskranten.
- * Ja stickers, dan mogen bezorgers ongeadresseerd drukwerk in de bus doen.
- * Nee-Nee sticker daarmee geef je aan dat je geen huis-aan-huis kranten en reclame folders wilt hebben.

Als je dus de Ja-sticker plakt op je brievenbus, blijf je folders ontvangen. Deze sticker heeft in de Huis aan Huis gezeten en is eventueel gratis op te halen bij het gemeentehuis in Leeuwarden.

Samen eten

De werkgroep Wolwêzen organiseert al 12 jaar het gezamenlijk eten in Reduzum. Iedere laatste woensdag van de maand komt men bij elkaar in het lokaal.

Er wordt dan gekookt door vrijwilligers uit het dorp. Vaak wordt dat met z'n tweeën gedaan; een hele opgave om voor 16 mensen (vol=vol) te koken, maar de koks doen het met plezier. Er wordt altijd een heerlijk drie gangen menu geserveerd (voor €6 p.p.) en wat ook heel belangrijk is: Het is gezellig!

Wisse on tour

In Akkrum was het openlucht spel De Heksen te zien. De meeste spelers en zangers kwamen uit Akkrum, maar er deed ook een Reduster mee, namelijk Wisse Kersten. Zij was één van de vertellers van het openluchtspel.

Werkzaamheden Leppa Akwadukt van start

Rijkswaterstaat start met het definitieve herstel van het Leppa Akwadukt in de snelweg A32 bij Akkrum. Bij werkzaamheden zijn er lekkages ontstaan in het vlies wat het grondwater moet tegenhouden. De lekkages zorgen al langere tijd voor problemen op de parallelweg in het aquaduct. Op de snelweg is geen hinder. Om de lekkages te verhelpen, gaat Rijkswaterstaat eerst op zoek naar de precieze locatie van de vier lekkageplekken.

Als de locaties zijn gevonden, gaat Rijkswaterstaat over tot het verhelpen van de problemen. Deze werkzaamheden staan gepland voor oktober, november en december. Het verkeer op de A32 ondervindt geen hinder van het herstel, maar wel op de parallelweg.

Klussendienst

Voor de maanden Oktober en November is Aukje de Vries (06-20226771) aanspreekpunt voor de klussendienst van de werkgroep Wolwêzen.

Skoalbuske



Nei sawat 10 jier hâldt sjauffeuze Wietske Jorna op mei it riden op de skoalbus. As tank waard dit feestlik fierd, mei alle frijwillige sjauffeurs, mei in gesellige BBQ op de pleats fan de famylje Roorda.

Merke Puzzel

De oplossing fan de Merke puzzel was: "The Roaring Twenties Reduzum". Er werden uit de goede oplossingen een winnaar getrokken en deze winnaar werd Hester Brinksma, die de door de merkecommissie aangeboden fles wijn, mocht ontvangen.

Sanne

Sanne Bouwstra is Frysk kampioen fierljeppen wurden bij de famkes. Lokwinske Sanne!

Frits Koopcentrum

Na ruim 25 jaar is Frits Koopcentrum op 1 september jl. gesloten. Het koopcentrum trok ook veel klanten uit Reduzum. Jammer dat er een eind aan is gekomen en wederom een dorpswinkel gesloten. Frits bedankt.

WWW.KLEISTUDIO.NL



REDUZUM
MARGRIET KRIJGSHELD



Haedstrjitte 13
9008SM REDUZUM
06 53309122

* HANDGEMAAKT KERAMIEK * SERVIES *
* MOKKEN * UNIEKE CADEAUS * KOPJES *
* STEENGOED * KOMMEN * VAZEN * POTTEN *



Ze serveren zelfs thuis!

Zeven dagen per week een driegangig diner naar keuze. Lekker uit eten in ons restaurant of thuisbezorgd door onze maaltijdservice. Service van Leppenheim, voor iedereen.

gewoon jezelf blijven



Leppenheim...
menschipsintrum

Leppedyk 37, 8401 GJ Akkrum
T (0566) 654 654
I www.leppenheim.nl

Bernedeiferbliuw Bernewrâld




Haedstrjitte 29, Reduzum
info@bernewrâld.nl
www.bernewrâld.nl
06-10099030/0566-602434



Repair Center Friesland

Piet Posthumus

Reparatie van:

- ✓ Telefoon & Fax
- ✓ Audio & Video
- ✓ GSM & DECT

Haven 21
9008 SX Reduzum
Tel: 0566 602158
Fax: 0566 602195
Gsm: 0651 749649

ITBO 
UW IT SPECIALIST
ITBO.NL

CONTACT
info@itbo.nl
06-37383735

WEBSITE
www.itbo.nl



Jelte Bokma

Tiisdeitemoarn 13 july wienen se der allegear klear foar, 48 manlju en froulju stiene op de stoepe fan de bewaarskoalle ûnder de 4 mûnske kastanjebeammen te wachtsjen, de sneinske klean oan. In moaie simmerdei wie it, net te waarm, net te kâld, sa'n 22 graden. Krekt geskikt foar it jierlikse âlderen reiske dat no al wer 20 kear earder plak fûn hie. Tradysje dus. Elk woe mei, want sokke dagen moasten jo der by wêze. Frou Gercama en frou Hilarides wienen wat oan de lette kant, mar doe wienen se der dan ek alle 50. De reade LAB bus glied stadich it doarp yn, de sjofeur hie de pet no al wat skean op de holle, hy hie der blykber ek sin oan. As begelieding wienen der 6 frijwilligers en 1 EHBO-er optrommele. De hiele buert stie klear om ôfskied te nimmen fan de âlderein. Pake en beppe op stap, soks barde net alle dagen. Wêr soe de reis hinne?

It duorre in moai skoft foardat it hiele spul in plakje fûn hie yn de bus, want net elkenien woe fansels neist mekoar sitte. „Wy sitte gesellich mei 3 man efteryn“, rôp âlde Van der Wal mei syn skel lûd. „Der kinne der noch wol in pear by“ sei Ate Gryt dy't njonken him siet. ``Hjir kinne maklik 5 man sitte!`` Do wolst der seker wol in pear moaie slanke froulju tuskenyn hawwe, lake syn buorman. Frou de Vries seach brimstich efterom. Dy manlju hienen fansels no al wer healwiis praat en de dei moast noch begjinne. ``Kinne jim miskien 10 tellen de mûle ticht hâlde?`` rôp se. De manlju laken har út. Akke de Vries ek altyd mei har geseur.

``Wy geane earst nei de boat yn Grou, sei juffer Hokwerda dy't de lieding hie. Se hie it briltsje op de punt fan de noas en se prate mei in strak mûltsje. Se stie njonken de sjofeur mei in echte mikrofoan yn de hân. Elkenien wie fuort stil. De dames skoden de taskes mei pipermuntsjes en oare lekkere dingen kreas op de skoat teplak en seagen nijsgjirrich ta in finster út. De reis koe begjinne.

``Ik ha 11 kokoskoeken mei, flústere dikke Antsje, jo witte mar noait wannear jo wer wat yn de hals fljocht.`` Ik ha 8 sûkeladerepen mei, lake har buorfrou, wy komme hjoed net om fan de honger Antsje. Antsje wie noch mar 59 jier, mar sy mocht al mei op stap om't se net sa goed mear rinne koe. De sjofeur sette nei moai wat kilometers de sokken der yn: ``Wy ride as in spear troch de bocht minsken, lake hy, hâld jim fêst! It is noch sa'n 31-32 kilometer nei Grou. Wy binne der sa.``

Op de boat fan Zwiers stie de kofje klear en it folkje hie al gau yn de rekken dat se net by it grutte wetter del gongen, mar oer Nes en Akkrum oan de puollen ta. Sokke doarpen seagen der hiel oars út as jo se fanôf it wetter seagen. Guon wisten net iens fan it bestean fan de grutte jachthaven yn Akkrum. ``Ik ha hjir wol 25 jier net west, sei Pieter van Dellen, heareminskens wat is het hjir feroare.`` Ik wie hjir 2 jier lyn noch mei myn soan, dy hat in boat, sei frou Dykstra grutsk. ``Myn soan sit al wol 28 jier op it wetter. It is in grutte boat, der kinne wol 12 minsken op. Jim silte it net leauwe, mar der hawwe ek in kear 33 man oan board west.`` ``No dan wie dat de stoomboat fan Sinteklaas seker, lake frou Gercama. Frou Dykstra knypde de mûle stiif ticht en seach lilke fansiden.

Oer de Hearrensyl en de Goëngarypster Puollen fearen se op Skasterbrêge oan, dêr't it waarme miel klear stie. Antsje fleure hielendal op, sy hie sa stadichoan wol sin oan iten want se hie ûnderwilens noch mar 9 kokoskoeken ophaffe. De boat lei oan by It Anker, in ferboude buorkerij. De tafels stienen al klear en elk koe mar oanskowe.

``Sitte jim alle 58 teplak`` rôp juffer Hokwerda, dan kinne wy earst efkes stil wêze foar it iten. ``Wy bidde noait, kreaake âlde Jantsje mei de eagen wiid iepen. ``Ssst hâld dy stil, warskôge Sibbeltsje mei de bûsdoek yn de hân. „Kinst dôchs wol efkes 7 minuten stil wêze?`` Jantsje gappe nei de siken, sa lang stil wêze, dan wie it sop fansels al lang kâld. Se die de eagen ticht en telde yn harsels om de tiid om te krijen: 14-15-16-17-18-19.... „Amen, sei juffer Hokwerda plechtich en doe koe elk mar begjinne. De leppels tikken ritmysk yn de sop koppen en Antsje hie it swit no al op de noas stean: ``Tomatesop, lekker, gnûfde se dat krij ik thús noait.``

It iten yn It Anker wie poerbêst elkenien smikkele dat it in aard hie. Der bleau dan ek neat oer, want alles wat noch op tafel stie, waard noch gau efkes op Antsje har board skood. Dy buffele lekker troch, in wyt servet om de hals. Sokke dagen moasten jo de kâns waarnimme, of net? Per slot hienen se der foar betelle en dat skoandere iten litte jo net stean. Doe kaam it neigesetsje, 24 minsken bestelden iis mei slachrjemme en in sierlik read kerske der op en 34 hienen leaver kofje. O, o wat wienen se moai fuort hjoed en wat wie Fryslân moai. Ontdek je plekje, sa wie it sawat. Eibert telde de boaten dy't yn de fierte foarby fearen ; 35, 36, 37, 38, 39, 40! Wat in dei, wat in wille. Hjir hie er ek wol 75 gûne foar oer hân, jild moast rôlje, of net dan?

Twa fleurige famkes fan sa'n 21 jier rêden nei it iten de boel wer op. Wer oan board rôp Doede: „Jeltsje, de wyn giet omheech.” Jeltsje beret: ``O heden jonge, dan is ús mêst te koart.” Ja, der waard hiel wat ôflake dêr oan dek.

Ûnderweis wie der ek noch in kopke tee foar elkenien. Nei it earste kopke rôp in fersoarger: ``Ik kom noch wol efkes mei de pot lâns, no ja, de teepot fansels!” Sibbeltsje sloech har op de knibbels fan wille. Hoe kaam sa'n man der by! Sa'n man mei al dy âlde minsken op stap. Hoe âld soe sa'n jonge no hielendal wêze, 26-27 jier? Of miskien 29-30?

Sa pratendewei kaam Grou wer yn sicht. Dêr oan it kanaal wienen oanleunwenten boud, wol sa'n 46-47 stiks. “Ik miende dat it 51 of 52 wienen”, sei Sibbeltsje. ``Ús Aukje wennet op nûmer 49”. Der stean ek noch aardich wat huzen leech”, sei juffer Hokwerda mei in sekuer mûltsje: de nûmers 41-42-43-44 en 45 binne noch te hier sa ha ik my fertelle litten.” ``No dat is dan wat foar ús”, bearde Jantsje. ``Ik wol wol nei Grou.” Har man Ate spuide der raar guod fan. ``Nei Grou? Noait fan myn libbensdagen! Al wurdt ik 74 jier, noait nei Grou., ik ha der froeger 23 jier wenne en dat wie mear as genôch.”

Doe't de boat wer oanlei rûgele elk wer oan wâl. Juffer Hokwerda telde de minsken want der moast net ien efterbliuwe fansels: 53-54-55-56-57. Sa, wy binne der, want iksels bin de lêste.

``Wat hawwe wy in moai libben net no't wy boppe de 65 binne”, lake Eibert dy't it noch altyd wakker nei it sin hie. ``No boppe de 70 wurdt it al minder, of net?” pipe Appie Knol.

``Ik bin no 72 en nije wike wurd ik 73, dat fielt wol hear. ” Doede swetste: ``Ik bin no 71 mar ik ha nergens lêst fan, ik kin alles noch wat seisto frou? ``Man, doesto 61 wiest, wiest al fersliten, lake sy. Ik bin no 69, mar ik draaf dy noch foarby. ``Wat is leeftyd tsjintwurdich”, eamelei Ate fierder, minsken fan 67-68 jier steane noch yn it folle libben.”

De bus rekke al wer aardich fol. De reis gong al wer op hûs oan. Noch sa'n 64 kilometer en se wienen wer thús. De sjofeur boemele mei in gonkje fan sa'n 66 kilometer oer de smelle diken. It wie stil wurden yn de bus en hjir en dêr siet al ien te sliepen.

Der stienen wol sa'n 62-63 minsken yn de buorren doe't de sjofeur de LAB-bus wer netsjes ûnder de kastanjebeammen parkearre. De minsken klaptten doe't de earsten wer út de bus stapten. Man, man wat in moaie dei.....sa koene se mei mekoar noch wol 60 jier foarút!

BAUKJE WYTSMA

Myn Friens

Yn de foarige Linepraat ha jim it leuke stikje fan ús buorfrou Sietske lêze kinnen en no is it myn beurt om wat oer Friens en mysels te fertellen. Yn de simmer fan 2007 sieten wy lekker yn 't sintsje op in camping yn Súd-Frankryk doe't wy in tillefoantsje krigen fan Frits út Jirnsum: "Der stiet in hûs te keap yn Friens en it is krekt wat foar jim!" Wy wennen doe yn in hierhûs op Tsiengerbuorren en wiene al in skoftke op syk nei in keaphûs. En ja hear, Frits hie hielendal gelyk: krekt wat foar ús! Wol in 'opknapper', mar dat wie Hylke wol tafertroud. Sa binne wy hjir yn 2008 delstrutsen. Nei in jier as wat stie der in hiel nij stik oan de achterkant, mei in grutte wenkeuken en túndoarren en in moai útsicht. Dat is ek moai oan it wenjen yn Friens; elkenien hat wol in frij útsicht.



We wennen hjir noch mar krekt doe't we al besite krigen fan de foarsitter fan it doarpsbelang. As de nije ynwenster fan Friens der ek foar fieldde om bestjoerslid te wurden. Oeps! Dat hie ik noch noait dien. Mar ik wie gau oerhelle en sa kaam ik ek gau yn de kunde mei it doarp en de ynwenners. En om earlik te wêzen stelde it ek net folle foar. De gearkomsten wiene gesellige jûntsjes ien kear yn 'e moanne. Net te fergelykjen mei hoe't it de lêste tiid is mei wikselingen fan behearders fan it doarpshûs en it ferduorsumjen derfan.

It wennet moai yn Friens, ik bin hast alle dagen wol te finen op it binnenpaad en skulpepaad, rinnend of fytsend mei myn hûntsje. De minsken binne hjir noflik en der binne leuke aktiviteiten. Sa wie der yn 2018 yn it ramt fan 'Ljouwert Kulturele Haadstêd' it iepenloftspul 'Oeds fan Fierwei', dêr't ik yn meispile ha. In ferhaal útbyIde yn Idaerd, Friens, midden yn it lân en it slot yn Reduzum, wat in moaie en ûnferjitlike tiid! Foarich jier wie ik ek wer fan de partij, doe't 'Theatergroep Fier' it iepenloftspul 'Godlike Komeedje2.0' organisearre, dit kear allinnich yn Friens, tsjinoer de tsjerke. Net dreech dus om te rieden wat myn passy is..... Yn it winterskoft spylje ik meastentiids op 'e Jouwer by de Fryske Krite. Der ha ik ek in skoft wenne. Myn soan wennet der noch mei syn húshâlding. Ik ha twa hearlike beppesizzers! In neidiel fan it wenjen hjir fyn ik datst hast altyd de auto brûke moast, mar ja, kinst net alles ha!

Boukje Hofma



K. HIJLKEMA
TIMMER- EN ONDERHOUDSBEDRIJF

Klaas Hijkema
T 06 484 804 49

Ayttawei 24
9008 SL Reduzum
k.hijkema@outlook.com



LANGEBERG
SCHOONMAAKORGANISATIE
www.langeberg.nl



Van der Meulen
Installatietechniek
Reduzum

Martijn van der Meulen

+31 6 131 658 68
www.vandermeuleninstallatie.nl
info@vandermeuleninstallatie.nl





6 oktober Versmarkt om 14.00 oere

De versmarkt en de winkel fan Ale en Marjan binne iepen oant 17 oere.

De lêste versmarkt fan dit jier!

Komme jim noch efkes del foar

wyn fan Hens,

einekuorren fan Bouwe,

griente en fruit fan Yn 'e Sinne farm,

bôle en koeken fan Frederika, of moatte wy sizze fan Rini en Ytsie?

tsiis en oare lekkernijen fan Lucie tsiis on wheels,

blommen en dekoraasjes fan Grietsje fan Op stâl Deco.

En net te ferjitten alle hearlike produkten út de winkel fan Ale en Marjan.....

Mis ek dizze Versmarkt net, dus net stinne mar hinne! Op de merk stiet kofje en tee foar jim klear!

De Versmarkt is eltse kear op de earste freed fan de moanne.

Wy hoopje in 2024 yn it foarjier wer te starten.

Nijs kinne jim fine yn de LP, op Reduzum.com as op de facebook pagina Versmarkt Reduzum.



Mobiele airco service aan motorvoertuigen

STEK ✓ **Gecertificeerd**

Ook kunt u bij ons terecht voor het Inbouwen en leveren van:

- Standkachels
- Car kits
- Alarm systemen
- Audio apparatuur
- Navigatie

ATF
Airco Techniek Friesland
Tel. 06 22 97 86 95




Kinderopvang Bernefertier
De kleinschalige kinderopvang voor kinderen van 0 tot 13 jaar!

- ~ Voorschoolse opvang
- ~ Buitenschoolse opvang
- ~ Dagopvang
- ~ Flexibele opvang


Contact:
Rianne Rodenburg
Haven 15, 9008 SX Reduzum
info@bernefertier.frl
0653319428

Meer aandacht voor het individuele kind

Sudoku

2	1				5
		5	3	1	
	2	1			4
3			1	2	
	4		6		
5				4	1

Doolhof




De Dierenarts vertelt

Het gras van de buren...

Volop genieten we van de heerlijke nazomer, lekker buiten! De honden spelen in het lange gras en menig kat vangt een malse muis in de wei.

Helaas loopt dit soms met een dierenartsbezoekje af. Afgelopen weken stonden bij ons in elk geval in het teken van de grassprietten... We halen ze van de gekste plekken vandaan.



Zo kwam Bo, een zwart-wit katje, bij ons in de dienst, omdat ze steeds zo moest hoesten, en sinds een dag ontzettend snurkte. Ook was ze niet zichzelf en miauwde ze raar. Na een grondig onderzoek, bleek het probleem bij Bo in de keel te zitten. Onder narcose kon het keelgebied goed geïnspecteerd worden: achter het zachte gehemelte, was een klein stukje groen te zien, een stukje grasspriet! Deze was via de neus naar binnen geschoten en zat nu vast in de overgang van neus naar keel. Gelukkig kon de grasspriet vlot verwijderd worden. Bo kreeg medicatie mee naar huis en was gelukkig weer snel de oude! Een dag later had ze alweer een muis te pakken!

En ook Rex, een herdershond kwam bij ons op consult, niet omdat hij hoestte, maar omdat hij kreupel liep, en veel aan zijn linker voorpootje likte. Er was een fikse ontsteking in één van de teentjes te zien. Ook Rex werd onder narcose gebracht. Er was een klein wondje zichtbaar aan de onderzijde van de poot; toen de ontsteking geopend werd, kon een fistelkanaaltje gevolgd worden, die uitkwam bij een gras aar! Een gras aar is een grasspriet met weerhaakjes, die zich steeds verder in het weefsel kan opschuiven en zo voor forse ontstekingen kan zorgen. De enige manier op genezing is om de gras aar te verwijderen. Met de juiste wondverzorging en medicatie, loopt ook Rex nu weer als een kieviet.

Ravotten in het gras is heerlijk, maar het gras van de buren is niet altijd even groen!
Lise Uil

Idaerd • 06 - 20 62 55 31

BOELE DE VRIES

 **DIENSTVERLENING** 

Gewasbescherming • Onderhoud • Reparatie • Constructiewerk

NIET-LEDEN TOERNOOI

📅 Zondag 1 oktober

🕒 13:30 uur

📍 TV Stânfries

OPGEVEN KAN T/M 29 SEPTEMBER

Algemene Informatie

- Iedereen speelt meerdere wedstrijden dubbelspel
- Eerste 2 consumpties zijn gratis
- Meedoen is gratis!

Opgeven?

Mail naar tvstanfries@live.nl,
of app Thiadmar 0631207621



TV Stânfries | Stânfriesstrjitte 7 | Tvstanfries@live.nl | www.stanfries.nl



Lofsankje

Ôfrûne simmer bin ik mei myn sydsulver goed trije wike op fekânsje west nei Ierlân. Dat stie al tiden op it amer listke en dy prachtige reis brocht ús nei útwrydsk wiidweidige lânskippen, rûge kliffen, nijsgjirrige stêden en fôlkse kroegen mei noflikke minsken. Om nea wer te ferjitten, sa moai. Mar earlik sein moast doe op de weromreis it aldermoaiste noch komme. Eat wêr't ik my al hiel lang och sa op ferhûge hie!

ûnderweis fan Dublin mei it grutte fear werom nei Wales wie 't al griemerich waar en dat waard allinne mar slimmer op de seisbaans autodyk tusken Liverpool en Manchester troch nei 't noarden ta. Sa't de Ingelsen sizze 'reinde it katten en hûnen' en wy stuiteren losridend troch ûnbidige plassen op 'e dyk fan de iene file yn 'e oare en skrokken fan alle ûngemakken dy't wy ûnderweis seagen. Sels kin ik dêr poer min oer om't soks my in ûnbehaachlik gefoel jout. Wy wiene bliid dat wy efkes foarby Lancaster de M6 sûnder skansearjen ferlitte koenen en it wrachtich droech begûn te wurden. It lânskip en ek wysels knapten der suver daliks fan op. Dat mocht ek wol omt wy yntusken rom seis oeren riden hienen oer in stik dat neffens de navigaasje maklik yn trije kinnen hie. Doe't wy de heuvels fan it Yorkshire Dales National Park efkes letter ynrieden kaam sa no en dan sels de sinne derby. Dit is presys it lânskip dat ik sa goed werken fan de tillefyzjesearje fan de lette jierren santich oer myn Ingelske kollega James Alfred Wight. Fansels is dizze man folle better bekend as skriuwer fan syn ûnderfinings as bistedokter ûnder de ferneamde skûlnamme fan James Herriot. Ik wol oeral wol efkes stoppe en kykjes meitsje, sa moai is it hjirre! At ik dat doch en út 'e wein stap, hear ik wylpen roppen en sjoch ik ljippen om my hinne wjukkeljen. Opsteapele stiennen muorkes en meânderjende beekjes foarmje in soarte fan postsegellânskip mei rûnom skiep en hjir en dêr kij of in hynder yn de greiden en it jûnsljocht fan de sinne betsjont dat gehiel folmakke. Ik reitsje folslein út de skroeven en myn kamera klikt oan ien tried wei oant myn oare helte my ta de oarder ropt: 'Sille wy jûn ek noch earne sliepe?' Jawis, wy moasten troch nei Askrigg.

At wy dat doarp ynride stiet lyk tsjinoer de tsjerke mei in markante kantige midsiuwske toer in antike bistedokterswein foar Skeldale House, it pân wêr't myn âld-kollega wier syn praktyk holden hat. Hjoeddeis sitte der in oantal apparteminten yn mei romfrofte nammen as bygelyks de 'Tricky Woo Room', nei 't bysûndere rikefroushûntsje dat gauris yn de ferhalen foarby komt. Goed fyftich meter fierderop stap ik de smoarfolle pub fan it White Rose Hotel binnen. Der leit sels in hûn langút foar de bar. Ik moat gjuite dwaan om yn petear te reitsjen mei de âld baas efter de taap en begryp dat er spitigernôch gjin keamer mear beskikber hat. Mar goed dat wy reservearre hiene!

De oare moarns stap ik ier en betiid fan bêd om it lemieren yn Yorkshire te belibjen. Nei in slachje troch de buorren set ik it fjild yn op ien fan de ûntelbere kuierpaden dwerstroch it lân en meitsje in slach om it doarp. Yn in jisterke rinne trije kij mei nochteren keallen. Ientsje is der noch mar suver krekt en siket mei de kop skean omheech stjittend it bloeiende jaar fan mem. It ûngâns leit noch as in glysterige bringst njonken dit tafriel yn 'e greide. Ik fernuverje my oer de gastfrijens fan de boeren hjir, de dúdlike paadwizers en it hechte houtwurk fan alle stekjes foar de trochstappen en de brechjes oer de beken. Bûtengewoan! Knyntsjes spatte ferskrokken foar my út harren holtsjes yn, mar de kij dy't krekt molken yn in lange rige it lân yn stappe litte har perfoarst net troch my fersteure. Wylst de spronkjes fan myn hert my oantrune troch te kuierjen yn de moarnsdage, lûkt myn mage my werom nei 't hotel foar in 'full English breakfast'.

De hiele dei doarmje wy troch de Dales, ride troch ûnmjitlike heidefjilden en genietsje fan prachtige fiersichten. Wy swalkje troch blomrike fjilden, typyske Ingelske plakjes en lâns glinsterjende streamkes dy't boartlik troch it lânskip slingerje. De tiid fljocht en foardat wy d'r goed en wol erch yn hawwe sitte wy oan 't grouwêlich jûnsmiel yn ús hotel. Moarn moatte wy troch nei Newcastle en op de boat werom nei hûs. Ien dei is fiersten te koart yn dizze machtich moaie krite! Sadwaande nimme wy it beslút dat we wis en fêst werom komme. Mar it lit him tinke fan dan in hiele fekânsje lang!

menno@bistedokter.nl

CHALET VERHUUR IN ITALIE

Camping International in Porlezza aan het Luganomeer

Wij, Rudi & Sita Fennema uit Friens, zijn in het bezit van 5 chalets op bovengenoemde camping.

Wij verhuren deze chalets van april tot en met oktober.

De chalets zijn geschikt tot en met 6 personen. Naast de chalets is een parkeerplaats voor uw auto.

Op de camping is een zwembad met glijbanen waarvan u gratis gebruik kunt maken, geopend van juni tot half september. Er is een speeltuintje met speeltoestellen, trampolines en een voetbalveldje. Tevens is er een (kinder) disco.

Op de camping is een pizzeria waar u heerlijk kunt eten voor een betaalbare prijs. Tevens is er een klein winkeltje en een ijssalon.

Onze chalets zijn gelegen op een mooi rustig gedeelte van de camping, zo'n 3 a 4 minuten lopen naar het schitterende Luganomeer. Het meer loopt langzaam af waardoor het ideaal is voor kinderen om te spelen en te zwemmen.

Langs een beekje naast de camping is een mooie wandel- en fietsroute naar het dorp Porlezza, te voet ongeveer een kwartiertje.

In Porlezza zijn winkeltjes en restaurantjes aanwezig en een supermarkt die 24 uur per dag is geopend.

Voor verdere informatie kunt u een kijkje nemen op onze website chaletverhuurfennema.nl of bellen/mailen naar Rudi & Sita Fennema

Tel. 06-22503834 of 06-50697471 Mail: info@chaletverhuurfennema.nl



